

It projekt

Skiednis fan it projekt

Fuort foar en yn 'e oarloch waard ûnder lieding ¹ fan drs. (fan 1940 ôf dr.) Y. Poortinga arbeide oan it opbouwen fan in materiaalsamling. Hy waard dêrby stipe troch in tal begeunstigers fan de Fryske Akademy, dy't wakker niget oan it sammeljen hiene en geregeldwei trochjoegen wat hja allegearre út de folksmûle oan wurden en taaleigen opheinden. Mei troch dy ynbring kaam der njonkelytsen in beskieden kartoteek ta stân.

By it taryeden fan 'e twadde printinge (1944) fan it *Lyts Frysk Wirdboek*, bewurke troch dr. P. Sipma en dr. Y. Poortinga, waard de kartoteek foar de earste kear systematysk brûkt. Yn it begjin fan de fyftiger jierren wie it bestân grut genôch om as basis te tsjinjen foar in lytse fingeroefening foar it grutte wurdboek dêr't elkenien allinne noch mar in dizenige foarstelling fan hie. Dy fingeroefening bestie út it meitsjen fan in *Frysk Wurdboek*, dat is it hânwurdboek besteande út de dielen *Nederlânsk - Frysk* [1952] en *Frysk - Nederlânsk* [1956], gearstald troch H.S. Buwalda, drs. G.A.G. Meerburg en dr. Y. Poortinga ².

Underwilens wie it grutte wurdboek sels dochs net alhielendal bûten it eachweid rekke. Yn 1952 ferskynde der in rapport ³ fan drs. G.A.G. Meerburg. Dêryn waard in tal bûtenlânske wurdboeken mei-inoar ferlike en tagelyk waarden mooglike oansetten jûn foar regels dy't jilde kinne soene foar it grutte wurdboek fan it Frysk.

It wie dúdlik dat der in konkreet bestek foar it wurdboek komme moatte soe, en dat net yn 't lêste plak om foar ZWO-stipe yn 'e beneaming te kommen. Yn novimber 1953 ferskynde der fan H.S. Buwalda, drs. G.A.G. Meerburg en dr. Y. Poortinga in rapport ⁴. Dêryn waard benammen yngien op 'e wize fan útslachtsjen, de teksten dy't útslachte wurde moasten en de yndieling fan de kartoteek. Yn harren brief fan 24 septimber 1954 advisearren ⁵ prof. dr. J.H. Brouwer ⁶ en prof. dr. K.H. Heeroma it bestjoer fan de Fryske Akademy om njonken de besteande kartoteek noch in twadden oan te lizzen. Hja wiisden derop dat de kartoteek, dy't op dat stuit likernôch 300.000 kaartsjes befette, hyn-nochte-nei net genôch wêze soe foar it skriuwen fan in wittenskiplik wurdboek fan it Frysk. It wie har opfallen dat it *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra en syn meiwurkers fierstentefolle útgongspunt west hie foar it gearstallen fan de kartoteek. Kamen der út de boarnen dy't útslachte waarden wurden dy't ek al yn it wurdboek fan Waling Dykstra stiene, dan hoegden dy, neffens de opdracht fan de útslachers, doe gauris frijwilligers, net mear op kaart brocht te wurden. De kartoteek dokumintearre fangefolgen fierstentemin oer sokke wurden. Fierders wie it de riejuowers opfallen, dat der fan de funksjewurden suver gjin materiaal oanwêzich wie. By sokke wurden, dy't semantysk in tige dizenige ynhâld hawwe, soene benammen de syntaktyske ferbannen oanjûn wurde moatte. Sûnder gâns materiaal yn omtekst soe de redakteur mei funksjewurden net safolle wurde kinne.

It bestjoer gie op de winsken fan de beide professoaren yn; yn 'e jierren 1955 - 1958 waard der njonken de âlde kartoteek in twaddenien opboud op grûn fan in seleksje fan Fryske tekstfragminten út de Nijfryske perioade. De âlde kartoteek wurdt hjirnei oantsjut as kartoteek I, de nije as kartoteek II. Drs. H.T.J. Miedema (fan 1961 ôf dr.) hie by it opbouwen fan kartoteek II de lieding. Mei de nije kartoteek krige de Fryske leksikografy in datasamling dy't neffens de tiid fan ûntstean en de beskieden middels dêr't oer beskikt wurde koe, frij modern wie.

Doe't kartoteek II yn 1958 opboud wie, waard it njonkelytsen tiid om mear omtinken oan de foarm fan it wurdboek te jaan. De wurdboekstêf sette ûnder lieding fan prof. dr. J.H. Brouwer ⁷ alfêst útein mei it skriuwen fan in mennich proefartikels, min ofte mear yn 'e geast fan wat drs. G.A.G. Meerburg yn syn rapport oanrikkemandearre hie en neffens regels dy't de redaksje sels om mar op gleeed te kommen fêststeld hie. It die lykwols al rillegau bliken dat der gjin definitive tekst levere wurde koe, at der net yn it foar in tal dúdlike ôfspraken makke wêze soene oer grutte, type, begrinzging en ynhâld fan it wurdboek. It bestjoer fan de Fryske Akademy soe dêr in tal besluten oer nimme moatte, dat it soe dêr

ek oer advisearre wurde moatte. Yn 'e rin fan 1959 en 1960 waard de wurdboekkommissje ⁸, dy't op oanstean fan prof. dr. J.H. Brouwer yn it libben roppen wie, it iens oer de measte útgongspunten. Ien punt joech lykwols oanlieding ta skeel, nammentlik de taal dêr't it redaksjonele kommentaar en de betsjuttingsomskriuwings fan de lemma's yn formulearre wurde moasten, dat wol sizze de beskriuwende taal of fiertaal fan it WFT ⁹. It bestjoer fan 'e Fryske Akademy waard, nei ferrin fan tiid te riede, heard en sjoen it rynske tal al of net frege advizen, dat it Nederlânsk de fiertaal wurde soe ¹⁰. Yn 1961 begûnen de redakteuren mei it skriuwen fan 'e earste artikels. Dêrby gouwen as rjochtline de útspraken fan de wurdboekkommissje, de regels dy't de redakteuren al formulearre hiene en de ûnderfinings dy't dr. Y. Poortinga en H.S. Buwalda opdien hiene yn in koarte staažeperioade yn novimber 1960 by it *Woordenboek der Nederlandsche taal*. De rjochtline waard fêstlein yn 'e *Oanwizingen by it skriuwen fan it GFW* ¹¹ opmakke nei it oerliz yn desimber 1960. Yn in moai hege faasje waard yn 't earstoan de iene oardner nei de oare mei de hân folskreaun. Dy faasje koe nei in jiermennich net mear folhâlden wurde, om't in part fan it net-leksikografyske wurk by de Fryske Akademy fan need troch de redaksjeleden dien wurde moast. De stavering fan de lemma's moast yn 'e twadde helte fan 'e jierren santich ek noch yn 't lyk brocht wurde mei de op 28 april 1976 troch Provinsjale Steaten fan Fryslân fêststelde nije staveringsregels ¹² en soks kaam de fuortgong wat it gearstallen fan it wurdboek oangiet net te'n goede. Doe't it hast hinnegean koe mei de útjefte fan it WFT waard dy jitris fersteld om't de kwestje fan de fiertaal yn 1982 op 'en nij op it aljemint brocht waard ¹³. De fiertaal bleau lykwols it Nederlânsk.

Kartoteek I

Nei't kartoteek II reekommen wie, waard kartoteek I by de jierren lâns noch allegeduerigen útwreide. Oant hjoed-de-dei ta wurdt der foar dy alfabetysk yn'rjochte kartoteek noch taalmateriaal útslachte. De samling befettet no likernôch 500.000 kaartsjes mei dêrop (mei opjefte fan de boarne) út 'en rûgens:

- it wichtichste part fan de leksikografyske tradysje fan it Nijfrysk, dat wol sizze de stekwurden út de wichtichste wurdboeken, lytse fersprate wurdlisten en leksikografyske hânskriften (dus net elk wurd dat yn 'e wurdboekteksten foarkomt; likemin systematysk de hânwurdboeken dy't nei 1911 útkommen binne);
- gâns taalmateriaal út wurken oer it Frysk (grammatika's, inkelde idioomsamlingen, sprekwurdslisten, wurdstúdzjes, taalatlussen);
- de troch enkêtes en fraachpetearen gearfandele wurdfoarrie fan guon ambachten en beuzichheden (lânbouterminology, húshâldlike wurden, de taal fan de skipper, koaiker, gleibakker, timmerman, bijker en oaren; net de wurdfoarrie fan moderne beroppen);
- min of mear opmerklike wurden yn sinsferbân út fiksjeonele en net-fiksjeonele teksten yn boeken, tydskriften, kranten ensafuorthinne (it seit himsels dat by it útslachtsjen, foarhinne ek troch frijwilligers, de persoanlike foarkar in grutte rol spile hat);
- wurden dy't streekrjocht út de sprektaal weikomme.

De lêste kategory is it neamen wol wurdich. Abonnees fan *De Pompeblêdden* (1928 - 1976), it tydskrift foar ûnderwiis en Fryske stúdzje, hawwe tsientallen jierren harren 'fynsten' út de sprektaal ynstjoerd. It materiaal dat yn dat blêd publisearre is, is yn 'e kartoteek ferarbeide. Boppedat begûnen fan 1939 ôf inkele lju, lykas al sein is, út en troch streekrjocht opjeften oan de wurdboekôfdieling troch te jaan.

Kartoteek II

De útgongspunten by it gearstallen fan kartoteek II wiene de neikommende. De kartoteek moast basearre wêze op skreaune teksten ¹⁴ út it tiidrek 1800 - 1950. It skreaune Nijfrysk wie net mear

folslein te sammeljen en te bewurkjen woe men net ûnder it materiaal bedobbe reitsje. De opset fan de kartoteek moast sa wêze dat der praktysk mei te wurkjen wie. Dat betsjutte dat der teksten selektarre wurde moasten. By de seleksje gouwen benammen de neikommende kritearia:

- de kwantiteit fan de tekstseleksje moast foar elk desennium relatearre wurde oan de totale skriftlike produksje yn it desennium;
- der moasten ferhâldingsgewiis lytse fragminten ¹⁵ fan in grut tal produsinten, dêrby yn alle gefallen de grutsten, selektarre wurde;
- yn de te selektarren tekstfragminten soene alle fiksjeonele en net-fiksjeonele sjenres foarsafier't se mar in bytsje beoefene wiene, fertsjintwurdige wêze moatte (toaniel, romans, ferhalen, poëzy, brieven, ferlaggen, ferhanlingen, preken, bibelfragminten, brosjueres, sjoernalistike teksten, ensafuorthinne);
- teksten fan útinoarrinnende literêre en taalkundige kwaliteit soene yn 'e seleksje fertsjintwurdige wêze moatte ¹⁶.

Under it opbouwen fan de kartoteek waard it earste kritearium wat feroare. Yn it foarste plak die nei globaal ûndersyk bliken dat de totale produksje foar de earste desennia lyk as folget wie: 1800 - 1810 twa- trijetûzen wurden, 1810 - 1820 likernôch 10.000 wurden, 1820 - 1830 likernôch 150.000 wurden. It wie fierder dúdlik dat de oplibbing fan skreaun Frysk, begûn yn it tiidrek 1820 - 1830, him dêrnei hieltyd sterker oppenearre. Der waard besletten om alle teksten út it tiidrek 1800 - 1830 foarsafier't hja bekend en betrouber ¹⁷ wiene, yn har hiele hear en fear op te nimmen. Dêr moat lykwols fuortendaliks by sein wurde, dat der de lêste jierren noch frijwat teksten út it oanbelangjende tiidrek fûn binne. Dat der kin foar de tiid tusken 1800 en 1830 gjin oanspraak mear makke wurde op folsleinens.

Yn it twadde plak wie it gjin dwaan allyk om foar de desennia dêrnei, benammen net foar dy yn de tweintichste ieu, mear as tige út 'en rûgens út te meitsjen hoefolle oft der skreaun wie. Der waard besletten om foar it tiidrek 1830 - 1950 de neikommende ferdieling yn 'e seleksje oan te hâlden:

<i>tiidrek</i>	<i>tal tekstienheden</i> ¹⁸
1830 - 1840	125
1840 - 1850	125
1850 - 1860	250
1860 - 1870	375
1870 - 1880	375
1880 - 1890	375
1890 - 1900	375
1900 - 1910	375
1910 - 1920	500
1920 - 1930	625
1930 - 1940	625
1940 - 1950	750

Elk wurdteken út de keazen tekstfragminten ¹⁹ waard op in apart kaartsje yn kartoteek II set mei de omtékst (likernôch 50 wurden) derby en mei opjefte fan boarne en auteur(s). De kaartsjes steane op wurdtype byinoar en se binne binnen it wurdtype yn tiidsfolge neffens de datearring fan de boarnen oardere. De types binne alfabetysk oardere. Homografen binne foar in part skaat.

Kartoteek II befette doe't er klear wie likernôch 1.500.000 kaartsjes, dus krekt likefolle wurdtekens ²⁰. It hat klear bliken dien dat kartoteek II foar de redakteur wakker fertuten docht. Fan de funksjewurden binne no somtiden sels per desennium hûnderten (yn inkelde gefallen tûzenen) oanhalen oanwêzich. De redakteur kin by de frekwinte wurdfoarmen út de kartoteek ôflêze wannear't it wurd yn de skriuwtal

opgong makket, wannear't it wurd yn ûnbrûk rekket en wannear't er mei betsjuttingsútwreiding te krijen hat.

In projekt fan mear generaasjes

It WFT-projekt is ûnderwilen ek wat it redigearjen oanbelanget ta in projekt fan mear generaasjes útdijd; de twadde generaasje is der opheden mei oan 'e gong. It hoecht jin dêrom net sa te fernuverjen dat der sûnt 1960 lytse redaksjoneel-technyske oanpassingen ta stân kommen binne ²¹. Ofsjoen fan it feit dat der ek hjoed-de-dei yn de leksikografy foar in sintraal part fan de beskriuwing fan wurden, te witten it oanjaan en ûnderskieden fan betsjuttingen, noch gjin model is dat oer alle boegen foldocht en dêr't elkenien mei ynstimme kin, stribbet de hjoeddeiske redaksje dernei om binnen de yn it ferline útsette linen ta in sa goed mooglike beskriuwing te kommen. It subjektive momint bliuwt dêrby lykwols lykas foarhinne sûnder mis oanwêzich. Under it redigearjen moatte der gauris arbitrêre beslissings nommen wurde. Yn guon gefallen soene detailstúdzje en fjildûndersyk in oplossing oandrage kinne, mar beide binne eins net mooglik fanwegen de tiid dy't it ferget. Men kin jin ôffreegje oft útjefte fan diel 1 op dit stuit wol oan te rieden is. It kin ommers foardielich wêze om mei de útjefte fan it wurdboek te wachtsjen oant de hiele tekst skreaun is: (technyske) ferbetteringen en oanfollingen yn 'e hiele tekst binne oan 'e ein ta mooglik en der kin in slutend ferwizingssysteem garandearre wurde. De neidielen binne lykwols helte grutter, noch ôfsjoen fan it feit dat in generaasje potinsjele brûkers it wurdboek of dielen dêrfan net ûnder eagen krije soe. Likernôch 40% fan de hiele wurdboektekst is ûnderwilen yn foarriedige foarm skreaun; guon parten mear as 15, 20 jier allyn. Kartoteek I wurdt noch hieltyd oanfolle. Mei oare wurden it tal oanhalen dat de eardere redaksje net ûnder eagen hân hat, wint mei de dei oan. Neigeraden dat der mear materiaal bykomt, en dêrtroch mear stekwurden (foaral gearstallingen en ôfliedingen), betsjuttingen en oanhalen út âldere boarnen, wurde yn it ferline skreaune wurdboekartikels ûnfolsleiner. De âldere artikels soene hieltyd wol wer oanfolle wurde kinne. Eins soene, benammen wannear't nije betsjuttings honorearre wurde, alle kaartsjes op 'en nij lêzen en beoardiele wurde moatte. It op sa'n manear revisearjen fan âldere artikels kostet in ôfgrysliken tiid. Dy tiid kin allinne mar ôfgean fan it redigearjen fan nije artikels en dat soe fan dy gefolgen wêze kinne dat de fuortgong fan it projekt yn 'e knipe komt. Mei it each op dy tûkelteammen is it de baas om sa gau mooglik ta publikaasje oer te gean en jin der by del te lizzen dat âldere artikels no ienkear stuolkje op in lytsere smite materiaal as nijere. Yn 't algemien is der in bulte foar te sizzen databestannen ôf te sluten sadree't it redigearjen fan 'e ein giet.

It Wurdboek fan de Fryske taal

Aard en begrinzging fan it WFT

It WFT is in alfabetysk ynrjochte, yn it Nederlânsk ferklearjend Wurdboek, en dat moat yn dit gefal sa begrepen wurde dat benammen by gearstalde wurden gauris mei in oersetting folstien wurdt. De (fakentiids koarte) beskriuwing omfiemet foarmaspekten en semantyske aspekten. Yn it WFT wurdt besocht om in part fan it Nijfrysk lykas dat brûkt waard yn de Nederlânske provinsje Fryslân fan 1800 ôf oant en mei 1975 te beskriuwen. De klam leit op it skriftlike gebrûk. Der is keazen foar 1800 as begjinjier om't de gongbere periodisearring it Nijfrysk mei dat jier begjinne lit. Hoewol't men wol beswieren ha kin tsjin 1800 as begjinpunt is dat jier om praktyske redenen altyd oanhâlden; it WFT slút no ommers oan op it Midfrysk Wurdboek dat oan de Ryksuniversiteit te Grins taret wurdt. As terminus post quem non jildt 1975. Dat de ûntjouwingen yn it Nijfrysk fan nei 1975 wurde dus net beskreaun.

Lykas al opmurken is, wurdt in *part* fan it Nijfrysk út it tiidrek 1800 - 1975 beskreaun. Dêr wurdt fansels mei bedoeld dat yn haadsaak it Frysk dat opslein is yn de beide kartoteken beskreaun wurdt. It

betsjut tagelyk dat de dialekten dy't sterk fan de sintrale dialekten (en de standertfariant dy't him dêrút ûntjûn hat) ôfwike, te witten it Hylpersk, de Fryske dialekten fan Skylge en it Skiermûntseagersk net beskreaun binne²². Faaks is it oerstallich om te sizzen dat de Frysk-Nederlânske mingdialekten dy't yn Fryslân sprutsen wurde net ta it Nijfrysk hearre.

Makrostruktuer

De gearstalling fan de rige fan wurdboekyngongen (lemma's) wurdt foar fierwei it meastepart troch it materiaal fan de kartoteken beskaat. De kennis fan de redakteur spilet lykwols ek in rol. Wa't weet hat fan wurden of betsjuttingen dy't gebrûklik wiene yn it tiidrek dat beskreaun wurdt en dy't net foarkomme yn it materiaal mei dy tafoegje.

Oarsom is it net sa dat elk Nijfrysk wurd dat yn de kartoteken foarkomt, ferwurke is. Eigennammen, fan eigennammen ôflate eigenskipswurden en merknammen foarsafier't hja net tagelyk as soartnamme tsjinst dogge, binne allinnich as lemma opnommen bywannear't hja yn gearstald leksikale ienheden (taaleigen) foarkomme. By it opnimmen fan haad- en rangtelwurden hat de redaksje him ek beheind. Opnommen wurde 0 en de natuerlike getallen 1 oant en mei 30 en fierder 40, 50, 60, 70, 80, 90, 100, 1000, 10 000, 100 000, miljoen, miljard, de oerienkomstige rangtelwurden en oare haadtelwurden foarsafier't hja befrissele binne yn gearstald leksikale ienheden of *heal* as (ferhoalen) bestândiel hawwe, bygelyks *oardel*, *twaddel*, *twaddeheal*. Oan frjemde wurden wurdt in artikel wijd wannear't hja yn it tiidrek dat beskreaun wurdt neffens de kartoteken yn it Frysk ek bûten in al te spesjalistyske faktaal funksjonearre hawwe. Se hawwe har dan meastentiids oan it Fryske klanksysteem oanpast. Tige tafallige mearliddige gearstallingen mei in navenant lege relative frekwinsje, dy't alhiel begrepen wurde kinne út de gearstallende dielen, binne net opnommen.

Gauris foarkommende fryskeigen taheaksels en healtaheaksels (wurddielen dy't ek tsjinst dogge as taheaksels) wurde as sadanich synjalearre en yn aparte artikels behannele. Dêrmei binne dan in tal mooglikheden fan wurdfoarming yn it Frysk oanjûn.

Stavering

Wat oanhelle is, likefolle yn hokker taal oft it opmakke is, wurdt sûnder feroarings, dat wol sizze neffens de stavering fan de boarne, oernommen. Poëmen en opjeften (sjoch ek de Aanwizingen voor het gebruik) binne lyksa werjûn yn de stavering dy't op it stuit fan notearjen gongber wie.

By it oare Frysk (dêr sitte dus de lemma's by) en Nederlânsk wurdt de hjoeddeiske stavering brûkt. Dat betsjut foar it Frysk de stavering fan nei 1 jannewaris 1980 en foar wat de frjemde wurden oanbelanget de stavering sa't dy sûnt 25 novimber 1982 jildt. Foar it Nederlânsk wurdt de foarkarstavering oanhâlden.

Yn inkelde útsûnderlike gefallen is by oanhalen in letter- of klankteken út de boarne ferfongen troch in foar dit wurdboek beskikber teken²³.

Meiwurkers

Doe't it projekt úteinsette wie drs. Y. Poortinga de iennichste wittenskiplik meiwurker. Yn 1940 krige er H.S. Buwalda as fêste assistint. Yn 'e oarlochsjierrren koe der fan útwreiding fansels neat komme. Yn 1946 kaam drs. G.A.G. Meerburg by de wurdboekôfdieling as wittenskiplik meiwurker, nei't dr. Y. Poortinga de tsjinst ferlitten hie. Poortinga kaam nammers yn it earstoan fan 1953 wer werom. Twa jier letter kaam der noch in wittenskiplik meiwurker by, nammentlik drs. H.T.J. Miedema. Drs. G.A.G. Meerburg gie yn 1959 by de Fryske Akademy wei. Foar dr. H.T.J. Miedema, dy't yn 1962 wittenskiplik meiwurker waard oan de universiteit fan Grins, kaam D.A. Tamminga yn itselde jier yn 't plak. Drs. G.A. Piebenga wie fan 1965 oant 1969 yn dieltiid oan it wurdboekprojekt ferbûn. H.S.

Buwalda waard yn 1970 opfolge troch J. Boersma. As opfolgers fan D.A. Tamminga dy't yn 1974 mei pensjoen gie en dr. Y. Poortinga dy't in jier letter syn foarbyld folge, waarden yn 1973 J. Popkema en K.F. van der Veen oanhelle.

Yn 'e twadde helte fan de santiger jierren koe it tal redakteuren stadichoan útwreide wurde²⁴. As redakteur waarden beneamd, guon yn dieltiid, drs. J. van der Kooi (1976), S. Krol (1976), P. Boersma (1977), J. van der Weg-Laverman (1980), R. de Boer (1980), drs. S. Dijk (1981), J.F. Hoekstra (1981) en drs. A. Dijkstra (1983). Underwilen binne wer fuortgien: drs. J. van der Kooi (1979), J. Boersma, dy't fan 1974 ôf haad fan de wurdboekôfdieling wie (1981) en drs. J. Popkema (1981). Dat op dit stuit binne der acht redakteuren yn it WFT-projekt behelle. Mei-inoar nimme hja seis formaasjeplakken yn. Haad fan de wurdboekôfdieling en tagelyk einredakteur is drs. K.F. van der Veen.

Assistinte fan de redaksje en belêste mei it útbouwen fan kartoteek I is sûnt 1956 B. Fokkema. Foar de tekstferwurking retten G. Blom, A. Boersma-de Groot, A. Bruinsma en L. Hoekstra. De korreksje en de tekstferwurkingskoördinaasje is yn hannen fan J. de Boer. De meiwurkers D. Sluiter, J. de Jong-van Sinderen en H. Pebesma holpen by it opbouwen fan 'e kartoteken.

Der hawwe fierders gâns frijwilligers west dy't tydlik foar it projekt yn 't spier wiene, benammen doe't de kaartsjes fan kartoteek II alfabetisearre en gronologisearre wurde moasten.

By eintsjebeslút

Om't it wurdboek histoarysk besjoen in faze beskriuwt fan in Germaansk dialekt, dat boppedat binnen it Nederlânske steatsferbân as twadde rykstaal in bysûndere posysje ynnimt, sille de brûkers yn alle gefallen ûnder germanisten, nearlandisy en frisisten socht wurde moatte. Foar lju bûten dy rûnte mei niget oan 't Frysk is it wurdboek lykwols ek bedoeld.

Nei dit diel folgje noch 15 à 16 dielen, dy't binnen tweintich jier sa geregeld mooglik ferskine sille. Utsein de wurdboektekst binne yn diel 1 opnommen de Aanwijzingen voor het gebruik, it Overzicht van de fonetische tekens, de Lijst van redactionele afkortingen en symbolen en de Bronnenlijst. Der kinne noch boarnen útslachte wurde dy't net yn dizze boarnelist foarkomme. It leit yn 'e bedoeling by it ferskinen fan it lêste diel fan it wurdboek noch in folslein bywurke boarnelist ta te foegjen.

Yn alle dielen wurdt yn in foarwurd oanjûn wa't de artikels skreaun hawwe. Soms is de tekst, benammen as der in soad nij materiaal beskikber kommen wie, letter yngeand revisearre en oanfolle. De artikels by de lemma's dy't begjinne mei de letter *a* binne redigearre troch dr. H.T.J. Miedema, dy't begjinne mei de letter *b* troch D.A. Tamminga.

Diel 1 en de dielen dy't noch ferskine sille, wurde ek opnommen yn de automatisearre leksikonbank dy't de Fryske Akademy opsette sil. Doel is om dy bank sa yn te rjochtsjen dat alle gegevens en alle kombinaasjes fan gegevens ôfsûndere wurde kinne en dat mutaasjes en oanfollingen altyd mooglik binne. Alle op- en oanmerkings fan brûkers fan it WFT binne ek yn ferbân dêrmei tige wolkom.

Redaksje-adres: Fryske Akademy, Coulonhûs, Doelestrjitte 6-8, 8911 DX Ljouwert.

Elkenien yn en bûten it Coulonhûs dy't yn likefolle hokker foarm harres of sines dien hat ta it tastânkommen fan dit diel, wol ik hjirby fan herten betankje.

Ljouwert, novimber 1983

K.F. van der Veen

NOATEN

1. Inkelde wurkleaze skoalmasters holpen him út en troch. Der wie yn 1939 in lytse kommisje út it bestjoer fan de Fryske Akademy ynsteld, besteande út prof. dr. J.M.N. Kapteyn, prof. dr. G.S. Overdiep, P. Sipma, prof. dr. K. Fokkema en drs. E. Janzen om yn oparbeidzjen mei Y. Poortinga de plannen fan Sipma neier út te wurkjen en it doel wie om ek in bredere kommisje yn te stellen, mar fanwegen de oarloch kaam noch fan de lytse noch fan de grutte kommisje in soad op 'e hispel.
2. Ferlike mei it wurdboek fan 1944 wie it wurdboek fan 1956 in grutte foarútgong: in kartoteek is tige nuttich die bliken!
3. It rapport wie ornearre foar in sûnt 1950 ynstelde wurdboekkommisje, ek advyskommisje neamd; de kommisje bestie út H.S. Buwalda, drs. G.A.G. Meerburg, dr. Y. Poortinga, prof. dr. J.H. Brouwer, prof. dr. W.J. Buma, prof. dr. K. Fokkema, prof. dr. J. Hoekstra, drs. E. Janzen, dr. W. Kok en dr. P. Sipma.
4. Yn in begeliedend skriuwen waard konkludearre dat der ynpleats fan de iene wurdboekkommisje, twa kommisjes komme moatte soene, te witten in wurkkommisje en in brede kommisje.
5. Yn opdracht fan it bestjoer fan de Fryske Akademy.
6. Brouwer wie heechlearaar Frysk en Goatysk oan de universiteit te Grins en dêrnjonken fan 1950 oant 1956 foarsitter fan de Fryske Akademy.
7. Yn 1956 wie Brouwer wittenskiplik direkteur fan de Fryske Akademy wurden. Hy bleau dat oant septimber 1964.
8. De kommisje waard yn 'e hierst fan 1958 ynsteld. Der wie eins al in wurdboekkommisje, mar dy sliepte min ofte mear. Fan de nije kommisje, of oars sein, fan de op 'en nij ta aktiviteit kommende besteande kommisje nei útwreiding wiene lid: prof. dr. J.H. Brouwer (dy't foarsitter waard), prof. dr. W.J. Buma, H.S. Buwalda (redakteur), prof. dr. K. Fokkema, prof. dr. P. Gerbenzon, prof. dr. K. Heeroma, dr. W. Kok (foar de saaklike oangelegenheden), drs. G.A.G. Meerburg (redakteur), drs. H.T.J. Miedema (redakteur), dr. J. Naarding, dr. Y. Poortinga (redakteur), dr. P. Sipma en drs. E. Janzen.
9. De ferdielens late yn 1960 ta it útinoarfallen fan de kommisje. Yn 't earstoan waarden binnen de kommisje noch ferskate mooglikheden útsteld: Frysk, Nederlânsk, Dútsk, Ingelsk of in kombinaasje dêrfan. Mei gauwens waard it lykwols dúdlik dat der twa streamingen wiene: in tal kommisjeleden ornearre dat it Frysk de fiertaal wurde moast, oaren stiene der dêrfoar op dat dat it Nederlânsk wêze moast. It skeel rûn sa heech dat fierder oerlis ûnmooglik waard. De kwestje fan de fiertaal joech gâns opskuor yn Fryslân. Yn guon Fryske periodiken waard der wakker oer skreaun en wrean.
10. Yn in brosjure fan de Fryske Akademy, datearre 25 augustus 1960, oan de leden en stipers waarden de redenen dy't ta it beslút laat hiene, oanjûn.
11. De wurktitel fan it wurdboek wie *Great Wurdboek fan de Fryske Tael / Groot woordenboek der Friese taal*.
12. De regels giene op 1 jannewaris 1980 yn.
13. De diskusje konsintrearre him benammen op de winst dy't behelle wurde koe wannear't it WFT in ientalich suver ferklearjend wurdboek wurde soe.
14. Oan sprutsen Frysk waard net tocht.
15. It tal wurden per fragmint (soms in folsleine tekst, bygelyks brieven) fariearret fan inkelde hûnderten oant inkelde tûzenen.
16. Hoewol't soks net yn 't foar as kritearium formulearre wie, waard der dochs ek acht op slein dat teksten fan manlju en fan froulju selektearre wurde moasten en dat mei de âldens fan 'e auteurs doe't se har teksten skreauwen min ofte mear rekken hâlden wurde moast. Hoewol't navenant mar in bytsje froulju yn it tiidrek 1800 - 1950 Frysk skreaun hawwe, binne skriuwsters yn 'e seleksje net oan 'e krapperein kommen. By skriuwers mei in hege produksje oer in hiel set jierren waard yndie wurk út harren iere, middelbere en lettere perioade selektearre.
17. Soms wie net mei wissigens út te meitsjen oft in tekst nei 1800 datearre wurde koe, of ek wol oft in tekst ta it Nijfrysk of it Stedfrysk (dat is in Frysk-Nederlânsk mingdialekt) rekkene wurde moast.
18. In tekstienheid befettet yn trochsneed likernôch 274 wurden. Yn 125 tekstienheden sitte yn trochsneed dus 34.250 wurden. De ôfwikings per desennium binne wierskynlik lykwols de hege kant neist.
19. Neffens in globale rûzing fertsjintwurdigje hja mar in beskieden diel fan al it skreaune Nijfrysk út it tiidrek. De seleksje foar 1830 - 1840 wurdt rûsd op 10 à 15% fan wat der yn dy perioade publisearre is. It ferrin foar de desennia dêrnei is net safolle klearrichheid oer te jaan. De dielseleksjes wurde absolút nommen al gau grutter, mar útdrukt yn persinten fan de werklike produksje, yn alle gefal foar wat de tweintichste ieu oanbelanget, sakje hja relatyf. Ik hâld it der foar dat de seleksje foar 1940 - 1950 noch gjin persint is fan de totale produksje oan Fryske teksten yn dat tiidrek.
20. It krekte tal wurdtekens en de ferdieling per desennium binne spitigernôch net bekend.
21. Ien foarbyld dêrfan: tsjintwurdich wurdt in sprekwurd ienkear beskreaun ûnder syn earste opmerklik wurd, wylst yn oare artikels dêrnei ferwiisd wurde kin; foarhinne wie it net ûngewoan ienselde sprekwurde twa of trije kear te beskriuwen yn likefolle artikels.
22. De skriftlike produksje fan dy dialekten is foar it grutste part sammele yn kartoteek III, opboud by de Fryske

Akademy yn de jierren 1958 oant 1960; út dy samlingen binne ûnderwilen wurdboeken skreaun, te witten *Wezzenlist fan it Schiermonnikoogs* [1968] fan D. Fokkema sr. en oaren, *Woordenboek van het Oosterschellings / Wêdenboek fon et Aasters* [1976] fan C. Roggen en *Hylper Wurdboek* [1981] fan Gosse Blom.

23. Sa binne inkelde symboalen út fonetyske notaasjes yn boarnen omset yn de symboalen dêr't it WFT yn notearret.
24. Soks koe barre om't it advys fan de kommisje-Van Ommen, formulearre yn it yn 1970 oan de Twadde Keamer útbrochte *Rapport Friese taalpolitiek*, lang om let opfolge waard. It advys wie om ta 100% finansiering troch it Ryk oerienkomstich it *Woordenboek der Nederlandsche taal* oer te gean. Yn it einrapport fan novimber 1974 fan de ûnderwyls oprjochte wurkgroep *Groot Woordenboek van de Friese taal* waard de winsklike besetting fan redakteursposten foar de kommende jierren neier oanjûn, der fan útgeande dat it wurdboek binnen 25 jier klear wêze moast.